

J.Q. Smink

En wat foar in wurd!

As ik net fakânsje ha dan gean en kom ik alle dagen op 'e fyts nei en fan myn wurk, ja seker, 5 dagen yn 'e wike. Myn fyts stiet yn ús steechje fan in meter breed. Ik ha wol seis fytsen yn dat steechje te stean, allegear fan myn frou en myn dochters, sels de fyts dy't ik brûk is in dames. En dêr bin ik hast like sljocht op as op 'e âlde radio dy't ik ferline jier op 'e jierdei krige. Ik bin in knapachtige boarger, sa soest it wol stelle kinne. Achtber ek, want op myn wurk harkje se allegear nei my, as wie 'k in wiis man. Alle dagen doch ik der flyt op, en dan tink ik ek nearne oars oan, om sûnder *kantroeren* troch dy stege te gean. Durk van der Ploeg lit de haadfiguer fan *De winter komt*, Brand, sûnder kantroeren troch in loads rinne! Sjochst dat foar dy?

Dit is sûnder ombochten te meitsjen myn earste krityk op de nijste novelle yn de Fryske literatuer. Van der Ploeg springt wûnderlik mei taal om en makket in protte stylflaters. No leit dat fansels yn 'e reden as in skriuwer it idee der op nei hâldt dat er yn syn geskriften beskate wurden dy't tige taal (lês: Frysk) binne, mar net mear safolle brûkt wurde te hoedzjen. *De winter komt* komt, wylst de histoaryske tiid nei-oarlochs is, yn har wurdkar foar-oarlochs oer. Dat om dy wurdwarderij in fiks tal kearen de grins fan it akseptabele mei in stompe ploech ferlein wurdt, fyn ik hiel spitich oan dizze novelle dy't eins ek gjin novelle is mar in útwekke ferhaal. De pointe is nei oardel side lêzen echt al dúdlik en de lêzer sil him alte faak ôffreegje wêrom't Van der Ploeg sa'n soad omballingen nedich hat om it ferhaal ta in útdroegen saak te bringen. It foarlopich meast foar greep lizzende andert is dat der gaadlik materiaal komme moast foar it oersetten Frysk-Hollânsk foar de akte Frysk MU. Se stean op it Coulonhûs al by it kopiearapparaat.

Ik begryp de Koperative Utjouwerij ek net. Dy hâldt der lêskommisjes op nei dy't mei deklaraasjes fan porti yn 't foarútsicht steld, op 'e lije side oankommen wurde. Binne dy „leden” soms daliks al ymponearre troch T.S. Eliot, *In my beginning is my end?* (Dêr't trouwens ek noch in printflater yn stiet: r. 5 te moat wêze to.) Durk van der Ploeg hie mei dizze skepping, dit geastesbern, nochris te set moatten. De paradoks *In my beginning is my end* en wat folget hat de skriuwer as letterlik begrepen. Dêrom is it ferhaal fan it doel ôf skreaun. It boekje begjint mei in soarte fan flash-avant wêryn't wol safolle priis jûn wurdt dat de lettere ûntknoping der te gau yn sichtber wurdt. Dit struktuermiddel hat al hast in klassike status yn 'e moderne literatuer, mar is hiel gau net súbtyl genôch. De lêzer moat dy ynset ferjitte en pas oan 'e ein fan it ferhaal ta de ûntdekking komme dat de skriuwer begûn

is mei it slot. Ik tink dat dy earste oardel side de lêzer tefolle yn 'e besnijing nimt en dus tefolle foarútwizend wurket: op side 8, de twadde side, stiet al dat „it gesicht fan Brand foar ien fan 'e finsters ferskynt, ûnbeweechlik as wurdt it ophinge”. Dan mei de feitlike lokaasje fan syn selsmoard it droechhok wurde op de lêste side (s. 59) en it mei dan wol gjin hjerst mear wêze, mar de winter dy't komt, it hat tefolle weijûn oan spanning.

Jitris, ik begryp sa'n útjouwer net, of is it sa dat it by Van der Ploeg bûter oan 'e balke is? Neffens Klaes Dykstra liket dat yndie it gefal te wêzen: op side 134 fan it *lyts hânboek* kinst te witten komme dat út *In man en in minske* (1968) „in walm omheech slacht dy't yn in earder tiidrek net misstien hawwe soe”. Ek seit Dykstra oer de poëzy dat Van der Ploeg „ferâldere Fryske wurden as helpers opdrave lit”. De ûnderfining dy't ik ha liket identyk te wêzen oan dy fan oare lêzers. Sa ûnderfûn Piter Boersma yn *It libbet mar amper* (1976) ek al dat de skriuwer elke gelegenheid te baat nimt om fan it doel ôf te kommen (Besprek yn Hjr nû. 1, 1978, s. 33-35).

Dy archaïsmen, it mei om my, mar as de skriuwer him skuldich makket oan mishipte bylden dan giet my it hier fan de twifel op 'e holle oerein stean. Dizze skriuwer is net in befflein ferteller, net in dreaune, mar in konstruktuer.

De tillefyzje, de auto en de brommer dy't temûk it ferhaal situearje yn, lit ús sizze, de jierren sechstich doe't wy thús foar 't earst tv krigen en ús heit noch in 20 kilometerdafke hie, de brommerhelm lykwols besiket it te postdatearjen, mar de wurklikheid wurdt troch de wurdkar field as in anachronisme.

Isolemint is fan alle tiden en yn dat opsicht is it Van der Ploeg wol slagge it as motyf meinimmend stal te jaan, al hat er der ferhaalfigueren tsjin him keard. Dy bliuwe karikaturaal wat de skriuwer der ek oer omeamelt, it binne út soarte al frjemde apostels. De frou, Baef, distinktyf fan baas, siet by har libben op har man te kettermintsjen en sloech him mei bibelteksten oer it lêste oardiel om earen. Brand, dy't sûnder syn „earke” (= gehoarapparaat) sa dôf is as wat man, klapt ticht en siket in útlaat foar syn frustraasjes. Hy pakt in âlde hobby wer op en set him yn it hok, yn it geheim, ta it skilderjen fan lânskippen. Al rillegau is er dwaande mei perverser ideeën út te wurkjen op de stikjes hurdboard. It is dúdlik dat Brand tekoart komt, by syn wiif, mar ek maatskiplik krijt er syn gerak net. Wêr't se fan libje wurdt de lêzer net gewaar, se krije ris wat fan de boer, se ha in geit en in tún en se kinne mei in bytsje ta.

It plak fan hanneling is ek fan in grutte seldsumheid. In pracht fan in lokaasje foar in film. Stel it dy foar as in leechsteande ierappelfabryk op 'e romte by in feart. Alle yngrediënten foar in horrorferhaal binne steande by, wie 't net sa dat de minsken eins de nofteren kant neist binne. Net in moaie Baef dy't troch de waarwolf

of de fampier besprongen wurdt, nee, Brand liet har stroffelje of joech har in triuw sadat Baef mei de *pûdzjende eagen* mei de holle tsjin in stompe ploech, hoe treft it sa, batst en dea. En dy earme Brand hielendal fan 't hynder, want sa hie er it net earlik bedoeld. En yn de skets fan de panyk of skrik fan Brand is dizze novelle even sterk, gelokkich. Hy bedobbet har op 't lêst op it hiem en dan falt de winter yn. It needlot is net mear te kearen. Bytsje by bytsje, mar sa't ik al sei mei tefolle omhalen, it liket oft de skriuwer net op it doel tawurkje kôe, wurde de motiven bleatlein. In ferslach fan in heilleas en ûnynspirearjend bestean fan twa minsken dy't neat mei elkoar ophienen en yn goede tiden in kromke oan elkoar wend wienen.

Dit boekje fan in goed fyftich beskreaune siden is net in masterwurk, dat mei blike út boppesteande. Mei wat mear analyse en selskrytk hie der in goed ferhaal yn sitten. Durk van der Ploeg hat alles yn 'e hûs, sjoen syn oeuvre, mar hy hat te folle lêst fan in al âlde krupsje dy't ik it kwantitatyf tinken neame wol: „Ha, alwer in wurd opskreaun en wat foar in wurd!”

Durk van der Ploeg. De winter komt. ISBN: 906570141-9. Koperative Utjowerij, Boalsert 1984. Priis f 10,—.